

De *Iishilligen* binne in pear katolike hilligen, dy't harren nammedei fiere yn de perioade fan 11 oant 15 maaie. Dizze perioade wurdt ek de Iishilligen neamd. Dit binne de lêste dagen yn it jier dat der noch nachtfroast optrede kin. Der binne fiif iishilligen en ien derfan is in frou.

Oan't safier de Wikipedia, de ensyklopedy op internet, oer de iishilligen. Yn it boek *De Iishilligen* fan Durk van der Ploeg stiet dizze namme foar in húshâlding, dy't wennet yn it Bandtshûs yn de Bandtpolder, yn 'e tiid fan de krisis yn de jierren '30. Troch oaren wurde se sa neamd, mar it wurdt net dúdlik wêrom no krekt.

'En dan de winter fan it sko-iis. It hat tink itselde jiers west dat se ús op skoalle neirôpen fan Iishilligen. Mem hat letter noch wolris ferteld, dat wy dy namme nei alle gedachten te tankjen hienen oan de kears dat wy op in snein nei tsjerke rûnen. It wie ûntlittend, mar de wyn frear oan, en wy kamen yn in bui ûnderkuolle rein telâne. Wy glibberen doe yn in lange slier, stiif fan izel, as glêspoppen troch de Eanjumer buorren. Mem mocht dan miene dat wy dy namme te tankjen hienen oan it feit dat guon ús doe yn iis beharnasse de buorren ynkommen seagen. Neffens my hienen wy it mei te tankjen oan it feit dat heit op tsjerklike en politike fergaderingen sa omraak bidde koe. Yn alle gefal, dy skel- of earenamme binne we noait mear kwytrekke.' (s.52)

Letter wurdt it wurd ris ien kear brûkt as skelnamme, mar fierder wurdt it net neamd. It boek hie likegoed *De finen* of *De aartsfaders* of *De dûmnys* of *De sniepoppen* hite kinnen. Mei it waarkundige begryp iishilligen hat it neat te krijen. De titel is de skelnamme. It iennige wat ik der fierder noch út helje kin is dat der fjouwer bruorren en ien suster wienen. Krekt as de iishilligen fjouwer mannen en ien frou. De titel liket dus tafallich keazen.

### de famylje botma

Dochs jout it wurd *iishilligen* fansels wol oan dat dizze famylje net it baarnende middelpunt fan in sosjale mienskip wie. Dat wienen se dan ek net. Dêrfoar wennen se te isolearre. De heit syn wurk wie it bedykjen en it yn stân hâlden fan de besteande seedyk, plus it hoedzjen fan 'e skiep. Swier wurk. Hy stiet yn tsjinst fan it bestjoer fan de dykbewekking, dat wer ûnder de dykgraaf sit. De fjouwer jonges fan 'e húshâlding – Nutte, Weal, Welmer en de ik-persoan Eeltsje – hinget ek sa'n takomst boppe de holle. Der binne mar twa dy't harren dêr sûnder swierrichheden ûnder dellizze en dat binne de heit en Welmer, de broer dy't der as personaazje it minst fan ôfkomt yn dit boek. Hy seit noait wat. De ik-persoan kin net sa goed mei him opsjitte. De âldste broer

Nutte wol mear fan 'e wrâld sjen en de twadde – Weal – is net hielendal al te al te en dat wurdt geandewei syn libben (en de roman dus) wat langer wat dúdliker.

De wederwaardichheden fan de húshâlding Botma yn de krisistiid steane sintraal. De roman is getten yn in kader: it weromsjen fan haadpersoan Eman. Hy fertelt oer hoe't se libben. Sa wurdt de iennige suster swier (wierskynlik fan har baas, de dykgraaf, mar dat wurdt yn it hiele boek net sein), en lit se it jonkje Anders by har mem; der spielt in lyk oan; der komt in Deense jonge by harren yn te wenjen, dy't wer útnaait as er der fan fertocht wurdt dat Rika swier is fan him; der is in moaie beskriuwing fan hoe't it gesin de snein trochbringt (omdat it sa'n ein rinnen is nei hûs bliuwe se yn de konsistoarjekeamer iten oant de twadde tsjinst middeis wer begjint; de kachel wurdt net iens oanset foar harren, sadat it yn 'e winter stjerrende kâld is); der wurdt beskreaun hoe't de manlju fan de dykbewekking lânskomme om te kontrolearjen; it wurdt oarloch, it wurdt befrijing, en se meitsje de dingen mei dy't dêr by hearre (soldaat wurde, in sjitofening op it waad). En fierder lêze we moaie sênes oer de skoaltiid, as Eman nei skoalle giet en him dêr allinnestander fielt.

#### **skiednis yn fiksjefoarm**

Op himsels lit him dat allegearre goed lêze. Ek kin Van der Ploeg goed de illindige omstannichheden dêr't minsken yn ferkeare kinne, oerbringe. Jo libje as lêzer mei. Fierder set er yn dit boek in stik skiednis del, Fryske kultuer, it yndykjen fan lân. Ik hie ûnder it lêzen sterk it gefoel dat de skriuwer der flyt op dien hie alles sa goed mooglik te dokumintearjen en alles te beneamen – sadat sokke stof foar altyd oan de ferjitnis ûntkomme kin – en dit dochs yn in fiktive foarm te jitten. Wat dat oanbelanget is it ek in weardefol boek. Men kin der hiel wat fan opstekke.

Mar it wurket in bytsje averjochts. De skriuwer bejout him tefolle yn it fertellen en dat hellet de gong út it ferhaal. Op in stuit wist ik net iens wêr't it ferhaal no oer gie. Ik kaam net fierder as 'wat de famylje Botma belibbet yn krisistiid oan 'e seedyk'

Wêr't ik ek lêst fan hie, is de styl fan de ferteller yn it begjin. Oant side 69 is it in lange beskriuwing fan hoe't it eartiids wie. Dat giet yn 'e trant fan in oerlibjende, dy't wat seit oer minsken dy't allang dea binne: it is in soarte fan fêstlizzen fan harren gedrach foar de ivichheid: '*Weal koest net skatte*' en '*Sokke tiden luts heit oan de skouders*' en '*Koest net sizze dat Nutte in hekel oan arbeidzjen hie*'. Eman is ek in oerlibjende, dy't op dizze manier stânbyldsjes oprjochtsje wol foar de deaden, mar sa'n styl set it ferhaal stil.

## **guon minsken treffe it ek noait**

*De Iishilligen* is dus in slagge boek wat de moaie styl oanbelanget, de rykdom oan Frysk taaleigen en de ynformaasje oer in stik Frysk ferline. Mar as literêre komposysje is it net slagge. Dan is it it ferhaal fan in famylje dy't tafallich in soad pech hân hat. Oer lju dy't ek sa har dreamen hienen, harren dingen dienen, mar dy't troch illindige omstannichheden en stom tafal de dea te betiid fûnen of foar altyd fertriet hienen. En dan bestiet it boek út dy dreamen, dy dingen en dy omstannichheden dy't beskreaun wurde. En dy binne net twingend genôch, se binne willekeurich, ynwikselber foar oare foarfallen. De foarfallen gripe net ynoar en wurkje net nei de ein ta.

Tekenjend foar it beskriuwen fan foarfallen dy't willekeurich binne en net yn tsjinst fan in tema stean, is it grutte drama oan 'e ein. Dat stiet oeral los fan. Kinst net sizze dat de ein – foar dejingen dy't it net lêzen hawwe, sis ik net hokker – it net te mijen ferfolch is op wat der allegearre foar illinde oan foarôfgien is. Of dat it ynherint is oan de karakters fan de persoanen. Sels net dat it it needlot is, want naturalistysk kin ik dit boek ek net neame: der wurdt yn it boek net eksplisyt of ymplisyt sein dat jo neat tsjin jo lot dwaan kinne en dat it wol ferkeard ôfrinne moat mei de famylje Botma.

As it der einlings op liket dat se ridlik lokkich wurde sille, bart der wat ferskrikliks, sadat se foar altyd ûngelokkich binne. Guon lju treffe it net yn it libben, soksawat is de grûngedachte, tink ik. Dat mei yn it libben sa wêze, yn in roman kin dat net. Yn in roman moat der in reden foar wêze wêrom dit sa en sa ôfrinne moat.

We witte fierder net folle fan it libben fan de haadpersoan nei it freeslik drama. Hy skynt dêrnei in gewoan libben hân te hawwen. Hy is nei de ramp sa fier mooglik fuortgien, hat yn 'e frijmdte in libben opboud as learaar, en giet dus ien kear jiers hjirhinne om de grêfrjochten te beteljen. Dit kear giet er echt nei it ferwoaste hûs, makket er foto's en fertelt er dus it ferhaal, eat dat er earder faaks noch noait dien hat. Mar we merke neat fan trauma's, ûnferwurke fertriet ensfh., in foby foar see-minen, neat. Hy hat syn ferhaal no ris in kear dien, dêr komt it op del.

## **krytyk**

Earlik sein begryp ik net dat Durk van der Ploeg dizze kant op giet. Ek yn *Sykjend nei it lêste hûs* mankearre der wat oan it tema en wie de ein fan it ferhaal ek net it logysk ferfolch op it foarôfgeande. Sa moai mooglik fertelle oer eartiids en minder flyt dwaan op in strakke romankomposysje liket my in achterútong. Yn syn eardere boeken hongen foarfallen mei-inoar gear, bouden se mei-inoar de klimaks op oan 'e ein, en wienen motiven de liedtried fan syn roman. Faak wie der ien gedachte dêr't alles oan ophongen wie, en faak wie dy gedachte it jin skuldich fielen.

Eat dêr't Eric Hoekstra kriticalyk op hân hat, omdat dy persoanlik neat mei skuld hat.

Ik neam dit omdat ik it eigenaardich fyn dat haadpersoan Eman him net skuldich fielt. Wylst er bûgd gean moatte soe ûnder it skuldgefoel. De iennige dy't him wol de skuld yn 'e skuon skoot is syn broer Welmer, mar dy telt as romanpersonaazje amper mei, dus dat ferwyt wurdt sawat fuortwuid. Unbegryplik. Lit ús hoopje dat Van der Ploeg him de kriticalyk fan Hoekstra net te nei nommen hat...

---

Durk van der Ploeg,

*De Iishilligen*

(De Friese Pers, Ljouwert 2005)